

Imitaasjelear

Ĵetske Bilker

Imitaasjelear

ROMAN



NIJE BIBLIOTEEK

© 2010 Jetske Bilker

Twadde printing

Ferskynd yn de rige 'Nije biblioteek', in mienskiplik projekt fan TDE:
Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum,
Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren,
Utjouwerij Elikser

Dizze útjefte is in yntegrale werútjefte fan de earste printing,
ferskynd yn 1988 by de Koperative Utjouwerij (Q) te Boalsert.

Omslachûntwerp: Hannie Pijnappels

Utjefte is mei mooglik makke troch subysydze fan de Provinsje
Fryslân en it JM Fonds.

ISBN 978 90 8954 161 1

NUR 301

Imitaasjelear is opnommen yn de digitale biblioteek fan Tresoar en
DBNL, sjoch www.sirkwy.nl en www.dbnl.org

Eksimplaren binne te bestellen op

www.dbnl.org

www.sirkwy.nl

www.elikser.nl

of by de boekhannel

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn in automatisearre
gegevensbestân en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm
of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Tresoar,
DBNL, Utjouwerij Elikser B.V. of de rjochthawwers.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other
means, without written permission from the publisher.

Foar Marleen

It hie simmerfakânsje west en de roasters moasten op-
helle wurde. De studinten rûnen yn fakânsjeklean oer
de lange gongen en begroeten inoar optein en praten,
omdat dat sa hearde, fûterjend oer de nije roasters.
Dosinten, dy't frege wiene om al op dizze earste dei
harren plicht te dwaan, lieten neat merke fan 'e fa-
kânsje dy't foarby wie; der soe wer gewoan fierder gien
wurde, in nij kursusjier.

Anke passearre as ien fan de lêsten de taffeltsjes mei
leararen derachter en hie foar elk wol in glimke oer.
Sa ferfelend fûn se de skoalle net, se hie der sels wol
wer sin oan om tusken har klassegenoaten yn te sitten.
Doe't se har roaster beseach, ûntdiek se dat se op tiis-
dei nei de praktykskoalle moast. Dan soe it hiele wyk-
ein tenei wol bedoarn wurde troch sa'n mislike dei oan
't begjin fan 'e wike.

Se rûn nei bûten ta en liet de tas mei de nije boeken
achter by de kapstokken. Guon fan har klasse sieten
mei de rêch tsjin de muorre yn de sinne. Gonda en
Hilly stiene mei inoar te praten, it roaster gie op en
del yn 'e hannen.

'Hoi Anke!' sei Gonda optein. Se hiene de ôfrûne wike
al in pear kear skille, dus de fakânsjeferhalen wiene al
útwiksele.

'Hoi,' sei Anke en lake nei Hilly. Dy wie hielendal yn
beslach nommen troch it lesroaster.

'Hast it sjoen?' frege se ferûntweardige.

'Ja, freedtemiddei frij en tiisdei nei de praktykskoalle.
Dat lêste hie om my net hoegd.'

Gonda, dy't it lesjaan yn 'e fingers hie, seach Anke ûn-
noazel oan, mar Hilly wiisde Anke op it feit dat der

ferline jier fiif earste klassen west hiene en dat der no fjouwer klassen fan makke wiene. Se seach nei de rest fan harren klasse. Dy lju sieten dêr sa noflik wille te meitsjen en it like der net op dat ien of oare oermacht harren útinoar skuorre koe.

Mar Gonda wist hokker klasse it belije soe. Harres net. 1B fan ferline jier, de leararen hiene dat in drege klasse fûn. Anke fielde har tefredenheid fan de moarns werom kommen, krige al begrutsjen mei 1B. Harren klasse hie ommers ek de maklikste west, hie Donkersloot dat sels net sein?

‘Mar we krije der wol twa by,’ die Hilly noch te witten en Anke sei dat se dan mar hope dat dy twa de sfear yn de klasse goed hâlde soene en de oare twa knikten wakker.

‘Geane jimme mei de stêd yn? Eefkes kofje helje by ‘De Herberg’?’ frege Gonda.

‘Noch eventsjes by de oaren sjen,’ sei Anke en rûn op Joop ta, dy’t by in pear fan de klasse siet.

‘Ha Anke, hoe is it mei dy?’ rôp Kees van Bergen. Se fielde dat se in kaam krige en sei dat it goed mei har gie. Hy wie in freon fan Joop en hie hiele bolle eagen. Syn grapkes wiene synysk en it wie har in riedsel hoe’t dy jonge sa populêr wêze koe. Se wist net sa goed wat se fierder sizze soe en kearde har wer nei Joop:

‘Ik sil wer mei dy nei de praktykskoalle, hast dat al sjoen?’

‘Ja, Ank! We sille se dêr wol ris wat sjen litte, hen?’

De sinne skynde harren no allegearre yn ’t gesicht en guon smookten genietsjend. Anke, ek mei de rêch tsjin de muorre oan, hie de simmerrok wat oplutsen, har brune skonken rjochtút. Se die de eagen ticht. Neist har fielde se it stal fan Joop, betroud, troch al dy

kearen praktyk ferline jier. Se fielde no al wer de sfear dy't der wie yn it skoallegebou, op it tiidstip dat de bern deryn stoarmje soene. Se hâlde der net fan en wie bliid dat Joop mei har gean soe nei wer in frjemde skoalle. Joke Kentink hearde se boppe alles út. Nuver dat minsken nea feroaren. Faaks soe Joke op har fjirtichste noch sa roppe en raze, tocht se. Kees hearde se laitsjen. Se die de eagen krekt wer op doe't se Gonda sizzen hearde dat se no wol meikomme moast en it oars net mear hoegde. Muoisum gie se oerein.

Op 'e weromreis yn 'e trein geniete se fan 'e grienens fan 'e bosken en de greiden en de trije doarpen der tuskenyn. Wat wie it fijn om al dy bekende minsken wer te sjen. Soks hie se op 'e middelbere skoalle noait hân. Dêr hie se beoardiele west op har achternamme; se wie de dochter fan de learaar Dútsk dy't de namme hie o sa swier op 'e hân te wêzen.

Dat se nei dizze Pedagogyske Akadeemje gie, dy't wol fjirtich kilometer fierder fan har hûs stie, hie in útmakke saak west: Dizze wie kristlik en dy yn har eigen wenplak net. Anke, dy't al fiif jier ûnderwizeres wurde woe, hie it wol goed west om de minsken, dêr't se al jierren mei op skoalle gien hie, noait wer te sjen. En de skoalle yn it plak Achterlo hie har ferromming jûn. Se koe dêr op 'e nij begjinne, gjinien wist wa't har heit wie en fan poer lok wie se krekt wat spontaner en bretaler wurden en se hie har opnommen field yn in nije groep.

De kûpee mei de werkenbere hollen út 'e ruten, wie de achterste fan it treinstel dat in wike letter it stasjon fan har wenplak yn ried. Kertier oer njoggenen koe se

yn de trein stappe, dêr't de oaren al in healoere yn sieten. Want it doel wie Nijmegen, de Hillige Lânstifting. Foar godstsjinst. De dosint foar dit fak hie dizze reis yn de earste wike fan it kursusjier regele en it útsje wie der by de studinten wakker ynfallen, mear om 'e wille as om it doel.

Anke fûn in plak neist Hilly.

'Binne we der allegearre?' frege se en draaide de holle alle kanten op.

'Martin is der net,' sei Gonda, mar dat koe gjinien slim fine. Martin die noait earne oan mei.

Se droech har brune simmerjaske, dat se mar ien wike moai fûn hie en no fierder mar oan hie omt der neat oars op siet - har mem seach har oankommen as se no wer in nijenien hawwe woe - mar se die it fuortdaliks út en goaide it boppe har yn it bagaazjerak. Yn it gongpaad strûsden Margreet en Loes foarby. Dy beide hiene in reade trui oan. Ja, dat hie ommers ek wol kinnen, dan hie se der folle ûnferskilliger útsjoen as mei sa'n offisjele jas. Se seach de beide fammen dy't nei de smookkûpee rûnen. Kees soe dêr ek wol stean.

'Hast al lesjûn?' frege se Gonda, dy't al mei de earste apel dwaande wie en Gonda knikte mei de mûle fol.

'Sjoch,' wiis ik, 'dit is myn âlde klasse fan 'e P.A. Kinst my der út helje?' Arjen wiist in blau figuerke fan fjouwer sintimeter lang oan. In grouwe tas hinget dat famke op 'e side. Dêr hie 'k in simmerjaske yn prakkesearre. Ik stean oan de kant, wat fansiden. De rest fan de klasse stiet breedút te laitsjen.

'En dat is Margreet. Doe hie se noch lang hier.'

'O ja.'

'En dat binne Gonda en Hilly.'

Se steane derop sa't se wiene. Gonda as de matroane fan it skipskip, Hilly glimkjend, har plak wittend.

'Doe mocht ik Margreet hielendal net lije.'

'Wêrom net?'

'Jaloersk, leau ik. Ik wie jaloersk omdat se mei Kees prate - sjoch, dat is dy - en dat Kees har ek noch neat skele koe. Se seach op him del. Se seach trouwens op ús allegearre del. Us klasse wie earst hiel oars, it jier derfoar. Doe't Margreet en Loes yn de klasse kamen, ûntstie der konkurrinsje yn wa't it populêrst wie. Dêrom mocht ik har net lije, want sy hie dêr mandêlich oan west. Sy hie ús feroare. In part fan ús telde ynienen net mear mei.'

'Kom hjir ris.'

'Nee, ik bin dy dochs wat oan it fertellen.'

'Ja, mar ik wol dy hjir hawwe.'

'Ik set wol kofje, as it dy ferfeelt.'

'Anke, ik wol wol nei dy harkje, mar ik haw dy sa graach tsjin my oan.'

Ik sko neist him op de bank en krij in earm om my hinne. Maksy jout him by my op de skurte del. Sa moat ûngefear lok fiele, twa waarme lichems tsjin my oan, yn 'e uterste rêst... Ik sjoch ta it rût út. De wolkens jeie foarby en ferlieze allegeduerigen harren foarm yn it fierder gear. Wat hawwe wy dy dei yn Nij-

megen noch mear dien as it besjen fan it âlde Israël? Faaks de stêd yn west, tsien glêzen bier op in tsjinblêd yn in brûn kafee. Of trije kopkes kofje yn in kafetaria as ik mei Gonda en Hilly op stap west haw.

Arjen moat in tút hawwe seit er. Ik besjoch him, tink wer oan de âlde klasse.

Se moasten my ris sjen mei sa'n moaie man.

3

Har blik wie bretaal, sels moarns betiid al as se it lokaal yn kaam. De jonges skynden ienriedich op te fleurjen as Margreet, op 'e foet folge troch Loes, non-sjalant nei in lege bank rûn en dêr de tas op 'e tafel sette. Se fûn Loes aardich. Loes die yn alle gefallen har bêst om mei har klassegenoaten ta in beskaat kontakt te kommen. Se toande belangstelling foar oaren. Se prate wat sachter as har freondin, mei wat mear ni-get stelde se fragen.

Fan har plak ôf koe Anke elkenien besjen. Gonda en Hilly sieten as altyd neist har, se laken in protte mei harren trijen. Soms gie der in grapke de kant fan Joop en Kees op. Anke en Hilly hiene inoar ris ûnder in frije oere yn 'De Herberg' bekend, dat se wat fereale wiene op Kees van Bergen en salang as dat it ien-nichste feit wie, wie der neat te rêden, fan ôfgeunst wie gjin sprake.

De learaar Ierdrykskunde die syn bêst om syn les yn harmony begjinne te litten. Hy hie al om stilte frege, mar it bleau rûzemoezich yn 't lokaal, de measten wiene noch net klear mei it op 'e bank lizzen fan de ringmap en de boeken. De man foar de klasse wie al begûn mei it oplêzen fan 'e nammen, in regel dy't de skoalle ynsteld hie omdat de studinten nochal ris in frije oere namen. Tefolle ôfwêzigens waard bestraffe troch de studint in wertintamen te wegerjen as dit nedich wêze soe.

'Mirjam Groothedde.'

'Ja.'

'Joke Kentink.'

'Ja menear!' raasde Joke troch 't lokaal.

‘Margreet Lentink.’

‘Ja!’

De learaar seach fan ’e list op, hy dikere oer de heale bril hinne de klasse yn.

‘Dy wol ik dizze oere net tefolle heare, Margreet.’

Alle gesichten kearden har nei Margreet. Anke seach tagelyk skean fansiden nei Kees, dy’t in glimke om ’e mûle hie. Se fûn him sa aardich en hy hie fan dy leave kroltsjes yn ’e nekke. De klasse wie no op slach stil.

‘Dat ferwachtsje ik dan ek fan jo, menear!’

It glimke briek troch, Anke murk dat Joop nei Kees seach. Se fielde in wolk fan swartens oankommen oer de klasse en it kaam har foar as wist sy dêr allinnich mar fan ôf.

‘Derút!!’ koe De Boer inkeld noch mar sizze. Se gie, mei in iroanysk glimke ûnder de útdaagjende eagen. De doar gie gewoan achter har ticht. De klasse seach nei de doar. Dit wie noch nea earder bard en dit hoegde ek net. Yn de oranje stúdzjegids waarden se studinten neamd, se waarden folwoexen genôch achte om foar de klasse te stean. It hie sa goed west, sa rêstich, ferline jier.

Yn ’t skoft stapte Anke no ek nei bûten ta. Hilly en Gonda bleauwen yn de kantine. De oaren stiene dêr by elkoar te smoken. Kees frege Margreet om in floeike. Joke rôp dat dit noch nea yn harren klasse bard wie.

‘Nee,’ sei Anke, ‘noch noait.’

De eagen fan Margreet moeten harres flak foardat se har bûgde foar it fjoerke dat se ek fan Kees krige.

‘Dan waard dat wol ris tiid,’ sei se dêrnei.

Fiif minuten letter waarden de sigretten alwer tsjin de muorre útdrukt. Margreet wachte langer as de oa-

ren en smiet dêrnei har sjekje achteleas op 'e grûn.
Anke hearde har mei Kees laitsjen doe't se achter har-
ren beiden oan de treppen oprûn.

Yn 'e midden fan febrewaris wiene der twa tintamenwiken en alle fakken kamen in kear oan bar. Moarns siet Anke tsjin it treinrút te preueljen, mei har oantekens op 'e skurte. Alle learstof like byinoar skood yn rychjes. It iene wurd folge op it oare, it iene begryp late wer fiif begripen yn, fiif mooglikheden dy't se útlizze kinne moast. En alle dagen wiene der wer oare begripen en oare rychjes. Se mocht der wol oer. Oft se no al as net goed leare koe, wist se net, mar der lei wat fan ûnferskilligens oer har sokke tiden.

De freed, de lêste dei fan de tintamenwike, stie se nei ôfrin fan it tintamen biology bûten by de doar. Gonda hie altyd lang wurk, skreau bledsiden fol mei har grutte letters en wie meastal krekt yn 'e foarskreaune tiid klear. In pear oaren wiene al nei hûs, hiene harren mei soarchlike gesichten op 'e fyts set, faaks de tiid fan twa dagen berekkenjend tsjin it tal fan 'e tintamens dy't nije wike noch folgje soene.

Loes kaam troch de reade doar en Anke fernaam dat se op hâr ta rûn. Loes wie wol ynnimmend. Dat wurd hie se lang om sykje moatten, mar it paste dan ek hielendal by Loes.

'Hoe fûnsto it?' frege Anke.

Loes seach nuodlik.

'Ik fûn it nèt te dwaan!' sei se doe mei in lange úthaal en se begûn in ferhaal oer har panyk doe't se in fraach stean sjoen hie oer in plant dêr't se noch noait fan heard hie. Anke sei dat se ek noch noait fan de plant heard hie en doe kaam Margreet nei bûten ta. It sjekje hie se al rôle en yn 'e mûle en se stiek him no oan. Loes kearde har nei Margreet en frege har hoe't se it

makke hie. Anke die in stap nei achteren en stie tsjin 'e muorre oan.

Dêr kaam Gonda. Se stevene op Anke ôf, it klad-blêd dêr't se har antwurden op notearre hie, yn 'e hannen. Wat hiesto dêr en wat moast men dêr antwurdzje? Anke wist nearne mear fan ôf en woe har ek net mear yn 'e planten ferdjipje. Dat hie se juster al dien. It momint dat it sifer kommandeweï wie, soe se har krekt wer betinke hokker antwurden oft se jûn hie. It wie no freedtemiddei. It rûkte lekker yn de loft, se koe no dochs noch net de maitiid rûke? Dat kaam har oars altyd krekt yn april oer. Se snúfde mei de noas omheech, de hannen yn 'e jasbûsen. De rook fan de sigretten rûkte se ek. Se beseach de freondinnen. Margreet wie aardich dik, stelde se mei nocht fêst. It ljochte hier foel har yn lichte slaggen by it wat fjouwerkante gesicht lâns. Se makke har net op. Loes hie it hier yn permannint, it wie fan in egale kleur, platina-blûn. Har pony wie sa as Anke harres hawwe woe: fol, en begjinnend út de krún wei en dúdlik markearre oan 'e sydkant dêr't it oare hier hiel lang wie. Se seach Loes har eagen opljochtsjen doe't Kees en Joop by harren stean giene.

'Ik sil nei hûs ta,' sei Gonda. 'Ik moat noch safolle dwaan, ik haw it allegearre noch mar ien kear trochlêzen. Do dan?'

'Bern, ik haw it spul noch net ûnder eagen hân.'
Gonda joech in oanstellerige gjalp en Anke makke it mei sin noch minder:

'Ik sil aansen earst mar ris nei 'De Herberg', ik haw noch hielendal gjin ferlet fan learen op it stuit.'

Mei wa silsto dêr hinne, asto net mei my giest, lies Anke op it gesicht fan har freondin, en dêrom sei se

dat se wol ris sjen soe oft der ek noch kunde sitte soe. Se fûn it sels mar gek hearen.

‘No, lear se!’ sei Gonda en lûkte oan de skouders. De trije stappen nei it ploechje fierderop hoegden allinnich mar nommen te wurden. Dêr wie objektyf be-sjoen neat frjemds oan en as elkenien dat mar foar ea-gen hâlde, koe se mei gemak neist Joop stean gean. Mar doe’t se der stie, sei Joop krekt dat er net mei gean soe nei ‘De Herberg’ en Joke, dy’t der ek al stie, bearde dat se net ienris ien bakje kofje drinke soe as se betocht wat se noch leare moast. Anke stiek de ea-ren op foar it kommintaar fan Kees, mar dat kaam net. Stel dat hy no de iennichste wie dy’t ek mei gean soe nei it kafee, wat soene se dêr dan tsjin elkoar sizze moatte?

Martin stie by de treddejiers te praten. No kaam er harren kant op en sei, as wie it allinnich tsjin Kees en Margreet: ‘Jonges, ik gean dy kant út, geane jimme noch mei?’

‘Ja,’ sei Anke. Loes seach har nijsgjirrich oan sadat se wer it gefoel hie dat it net paste dat se sûnder Hilly en Gonda wat ûndernaam. ‘Ik gean ek mei,’ sei se noch ris mei in knikje nei Loes.

Net dat der yn ‘De Herberg’ folle oan wie. Martin siet te praten mei Margreet, beide sieten se mei in ernstich gesicht foar inoar oer, twa pilskes tusken harren yn. Achter yn de wat tsjustere saak stiene de jonges, sa no en dan laitsjend, by de flipperkast. Loes stie derby en lake wat as der wat te laitsjen foel. Anke hie no al twa kear nei it húske west, dat se koe net bêst nochris. Der wiene hjoed ek gjin minsken út oare klas-sen fan ’e skoalle, blykber siet elkenien thús te learen.

Mei wer in nij gleske kola bleau se foar de bar stean mei de barkruk achter yn 'e rêch. Bûten reinde it, se seach blauwe en oranje reimpakken troch de ruten. De twa jonges dy't biljerten, rûnen allegeduerigen om 'e tafel hinne en praten oer 'it oer de bân dwaan of net'. Anke begriep der net folle fan en besocht it spul te folgjen en de rigels dêr fan ôf te lieden, mar se hâlde der mei op, doe't se ûntdiek dat der ferskil wie tusken de twa wite ballen en dat sy net wist hokker. Wa wit, koe se it letter noch ris leare, it like har hielendal net sa'n toer om dy ballen inoar reitsje te litten. Der wie in nije hit op 'e radio, alle oeren waard er draaid en stadichoan naam de meldij, mar foaral it ritme har yn beslach, want yntusken draaide Jacques, dy't achter de bar stie, it nûmer ek noch in pear kear tuskentroch.

Se rûn ris op de flipperkast ta en die sabeare oft se 't hiel slim fûn, al dat jild fergriemen. Kees seach har oan en lake: 'Ek in kear, fanke?' Anke hie al skodholle foar't se fan it skokje yn har búk bekommen wie en se besleat daliks noch lang net nei hûs ta te gean, wat se har in pear tellen lyn àl foarnommen hie. Mar ta har grutte skrik sei Hans doe dat er fuort gie, en hoe't it sa gau koe wist se net, mar ynienen kaam der libben yn de groep, dy't de oere derfoar net út dy hoeke te krijen west hie. Elkenien naam samar in jas earne wei en die dy oan. No binne se der noch, tocht se, en aansen binne se fuort. Hoe kin soks? Se glimke wat yn 't wylde wei en rôp ek wakker: 'Ja, lear se, hen!' as fûn se it hiel gewoan dat in stik of fjouwer minsken samar tagelyk fuort woene, as hiene se salang wachte op it wachtwurd fan Hans. It byld fan 'De Herberg' sûnder Kees makke har ynienen tryst. Hoe koe dy jonge

no sa optein fuort gean? Se tocht har yn hoe lokkich se wêze soe as er sei - sûnder har ek mar in tel oan te sjen - 'Geane jimme mar, ik bliuw hjir noch.' Mar Kees boarte mei de autokaaikes, wylst de oaren ôfrekkenen.

'Anke, oant moandei hen, en kalm oan, ' rôp Hans en se seach dat Kees har kant útgniisde en hoi sei. De doar gie iepen en de doar gie wer ticht. Fannemiddei wie Kees hjir nèt mear.

Mismoedige om de ferlerne middei en har ferspille jild, drintele se nei it taffeltsje fan Margreet en Martin, dêr't Loes njonkelytsen ek siet. It petear gie oer de minne kwaliteit fan it ûnderwiis op harren oplieding en Anke hie dêr net it flauste benul fan hân, oant no ta. Se fûn it fijn op skoalle, mar se fielde al oan dat se dat hjir net lûdop sizze koe. Martin wie altyd sa kryptysk en Anke fûn dat der ek altyd in hiele soad goede dingen wiene op skoalle. Mei de stoel wat nei achteren, besocht se ôfstân te nimmen fan de oare trije, it kafee dêr't se wie, it plak, dêr't se foar ûnderwizeres learde. Twa jier lyn hie se fan dat allegearre noch neat witten, net fan 'De Herberg' en net fan it bestean fan Kees van Bergen. Wêrom koe it dan dochs sa'n rotmiddei wurden wêze? Se harke nei de lûden om har hinne wylst se harsels besocht te sjen mei de eagen fan in frjemd: Anke Stevens, achttjin jier, wenjend te Dijstrik. Sit op it stuit yn in kafee te Achterlo. By har oan it taffeltsje sitte trije klassegenoaten en it liket hiel wat mei Anke, mar it bern hat leafdesfertriet om in sekere K. Se sit hjir omdat se net fuort giet en dêr is alles mei sein.

Foar de safolste kear sipele de meldij fan de hit fan 'e wike troch de stuollen en de krukken, troch de kop-